

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Matthijs de Vries
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De FNP Steatefraksje hat fan minsken út it fjild te hearren krigen dat it kwotum om stienmurden te fangen hast fol is. En it greidefûgel-seizoen stiet no krekt op it punt om te begjinnen.</p> <p>De FNP fraksje makket him grutte soargen oer de reade list-soarten as ljip, skries, tjirk en strânljip. Dat binne de 4 haadsoarten ûnder de greidefûgels. Ek oare soarten, as ljurk, piipljurk en einessoarten hawwe, sa docht bliken út eardere pilots fan de provinsje, bot te lijen hân ûnder de predaasje fan de stienmurd.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje der fan op de hichte dat it kwotum om stienmurden te fangen en te deadzjen yn de perioade fan desimber oant en mei juny al hast fol is?2. Hoe kin it dat it kwotum no hast fol is, hoewol't de provinsje en de Faunabehear-lensheid in jier ferlyn by de rjochter¹ noch ferwachten oer dat hiele seizoen net mear as 250 stienmurden te fangen?3. Wat kinne wy ôfliede oer de geunstige staat fan it ynstânholden fan de stienmurd út it feit dat binnen trije moannen it folsleine ferlege kwotum² (200 stienmurden yn de greidefûgelgebieten) foar de hiele perioade (desimber 2023 o/m juny 2024) al fongen is?4. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat, neist oare faktoaren, de druk op de greidefûgels ferhege wurdt, as stienmurden net mear fuort fongen wurde meie?5. Wol it kolleezje sjen nei mooglikheden om in ferromming fan de fangst fan de stienmurd te fasilitearjen? As dat sa is, kin it kolleezje dat noch yn it briedseizoen fan dit jier foar inoar krije? As dat net sa is, wat binne dan de stappen dy't nedich binne foar sa'n ferromming en hoefolle tiid freget dat?
Yntsjinner(s)	FNP, Tjitte Hemstra
Datum	14 maart 2024

¹ <https://www.rechtspraak.nl/Organisatie-en-contact/Organisatie/Rechtbanken/Rechtbank-Noord-Nederland/Nieuws/Paginas/Uitspraak-van-de-voorzieningenrechter-over-het-doden-van-steenmarters-in-Fryslan.aspx>;

² Troch de foarsjenningrjochter ferlege by útspraak fan 24 novimber 2023, saaknûmer LEE 23/4180.